



IT SKRIUWERSBÛN

Inkelde oantekeningen petear 'Boeken fan Fryslân' en it Skriuwersbûn

Moandei 27 novimber 2023

Oanwêzich: Ernst Bruinsma (BfF), Ammerins Moss-de Boer en Willem Verf (Skriuwersbûn)

Promoasjeplan:

It plan foar bettere promoasje fan Frysk literêr wurk is troch it Skriuwersbûn aktualisearre en wurdt sawol amtlik as polityk ûnder omtinken fan de Provinsje brocht. It is gjin plan mear foar ien of twa jier, mar foar de heule perioade fan de nije kultuernota foar 4 jier. Ernst freget him ôf oft it net better wie om dochs earst in test te dwaan foar in koartere perioade. It Skriuwersbûn tinkt dat foar in serieuze pilot fjouwer jier echt needsaaklik is. Boppedat, as nei twa jier blykt dat it totaal net oanslacht, kinne wy altyd noch besjen oft der mei it dan wol beskikbere budzjet wat oars dien wurde kin. It Bûn sil besykje deputearre Folkerts, dêr't yn de kommende wiken oerlis mei wêze sil, te oertsjûgjen fan de needsaak foar in plan as dit. En nei alle gedachten komt der begjin takom jier ek aksje rjochting Provinsjale Steaten. Afûk/BfF bliuwt ree en entûsjast om de ferantwurdlikens te nimmen foar de útfiering fan it plan.

Links reachside

It Skriuwersbûn sil op syn reachside linkjes (as dy der noch net steane) pleatse nei:

boekenfanfryslan.frl

berneboekeambassadeur.frl

sutelaksje.frl

Boekewike

Ernst sjocht tefreden werom op de Fryske Boekewike. Anita Terpstra hat 5 kear optreden. Wol hienen de organisaasjes dêr't de optredens wienen der leaver ek in muzikant by hân. Ankom jier sil dat dan ek wer it gefal wêze. De omset oan Fryske boeken wie yn dizze wike grutter as ferline jier. It kadoboek is sa'n 2000 kear ferspraat.

Ammerins en Willem jouwe oan dat by de leden fan it Skriuwersbûn dêr't sy mei praat hawwe net folle begryp wie foar it feit dat it om in oerset boek gie fan in net yn it Frysk skriuwend auteur. DE foarkar gie dit kear nei in non-fiksje boek as kadoboek en by de oarspronklik yn it Frysk skriuwend auteurs waard eins gjinien sjoen oan wa't dy opdracht takend wurde koe. Boppedat is Anita immen mei namme-bekendheid. It Bûn stelt dêr foaroer dat krekt fia ditsoarte aksjes Frysktalige skriuwers namme-bekendheid krije kinne: graach takom jier oars. En as der gjin oankommend talint is dat neffens BfF sa'n opdracht krije kin, dan byneed ien dy't al earder in kadoboek skreaun.

Dat it eins net raar wêze soe as der ris in berneboek kadoboek wêze soe, dêr binne wy it alle trije oer iens.

Takom jier is de Fryske boekewike fan 1 o/m 8 novimber.

Sutelaksje

Fan leden, sizze Ammerins en Willem, komme der fragen wêrom as der net faker sutele wurdt en wêrom der gjin skriuwers by frege wurde. Benammen minsken dy't resint publisearre hawwe wolle graach meidwaan, en meast fine de minsken dêr'tst oan 'e doar komst it ek heul aardich om in echte skriuwer te moetsjen.



Ernst antwurdet dat de Afûk en BfF de aksjes fasilitearje, mar dat Ferdinand de Jong de organisaasje docht. Hy hat fan Ferdinand begrepen dat it foar ferienings op doarpen ek lang net altyd tafalt om genôch frijwilligers te krijen. Der wurdt safolle mooglik sutele op plakken dêr't it yn it ferline ek suksesfol wie. Yn 'e winter wurdt net sutele. It falt Ernst net ôf hoefolle as der dit jier dochs noch fia de sutelaksjes ferkocht is.

Dat der gjin skriuwers meidogge, dat is in kar fan Ferdinand. Hy wol it safolle mooglik by leden fan de útfierende ferienings hâlde. Dochs soe it Bûn dit wol moai fine en it soe nijsgjirrich wêze om dit ris te bepraten op in ledegearkomste.

Eksperimint mei Fryske kast by Van der Velde yn Drachten

Dit is in sukses. Yn Drachten wurde mear Frysktalige boeken ferkocht as foarhinne. It sil útwreide wurde nei oare Van der Velde-boekwinkels. Koart kriemd, komt it derop del dat Van der Velde op in opfallend plak yn de winkel tsjin betelling in romme kast beskikber steld, dy befoarriede wurdt troch Boeken fan Fryslân, en dy't ek tsjinnet as promoasjepunt foar Fryske boeken. Moai!

By dit alles net ferjitte: it grutste part fan it BfF-budzjet (totaal rom € 200.000 jierliks) wurdt bestege oan de Berneboeke-ambassadeur en har aktiviteiten. Der is in soad belangstelling fan skoallen, ek dit is in grut sukses!

Sa slute wy mei goeie berjochten it oerlis ôf.